

Dûnsje

Hongaarske traditional (Ghymes)

Doede Veeman

wat in ferskaat: want yn byld en yn praat
is net in mins gelyk
stikel en roas binne hyltyd wer oars
makket de wrâld sa ryk

de iene hat dit, de oare hat dat
wikseljend kear op kear
d' iene kin min, wat de oare goed kin
wat wol in mins noch mear

wat in feest, wat in fleur
alles hat syn eigen kleur
eltsenien hat gelyk
eigen wizen fan muzyk

op ien toan is gewoan neat oan

sammelje mar ris moed
doch it no, doch it hjoed
wês net bang foar in oar
gean der hielendal foar

kom en smyt de kop omheech, it fet is noch net leech
en it is dochs net sa dreech om te bewegen

dûnsje mei de swarten
dûnsje mei de readen
dûnsje mei de witen
dûnsje mei de kweaden
 dûnsje mei de grouwen
 dûnsje mei de finen
 dûnsje mei de blauwen
 dûnsje mei de blinen
 dûnsje mei de gielen
 dûnsje mei de grizen
 dûnsje mei de grienen
 dûnsje mei de wizen

dûnsje.....